

—

Ynhâld

5 Redaksjoneel

7 Piter Boersma (1972)

Flecht.

It moat skreaun wurde.

Simmerjoun op 'e buorren.

10 Piter Boersma (1972)

Ik wol in tút ha (fragmint)

13 Jacobus Q. Sminck

lytse biblio

ja dat is piter

15 Marije Roorda

Nei de jongere Piter

18 Bonne Stienstra

Jonges wiene wy noch

21 Roel Slofstra

Bêste Piter,

23 Beart Oosterhaven

Trije spul is út?

25 Pieter de Groot

In waarm Wiuwerter nêst

29 Jelma Knol

It salyjen en geseljen fan jins taal: De fersen fan Piter Boersma

35 Sipke de Schiffart

Vendange

(Oersetting: Piter Boersma)

36 Josse de Haan

Hûndertenfyftich meter de grûn yn

43 Alpita de Jong

De Piter-Ploech

45 Frits van der Kuip

Dichters middeisskoft

46 Anne Feddema

In man op 'e Königsstuhl, rêst fûn op Rügen

48 Friduwih Riemersma

It libben sels opnij besocht

54 Hidde Boersma

Piter Boersma, de heit fan

56 Michel Dijkstra

*Frij en blij swalkje op de Wei. Piter Boersma's wer dichtings fan
de klassike Sineeske poëzy*

(Oersetting: Jacobus Q. Sminck)

61 Janneke Spoelstra

Sa docht er dat

62 André Looijenga

Werom nei Dbrss yn it lân Lcrss

68 John Bosma

Piter

—

Redaksjoneel

Dit sil it earste nûmer fan *ensafh* wêze dêr't Piter Boersma neat oan ta dien hat, al stiet der âld en nij wurk fan him yn, is er op alle ôfbyldingen werom te finen en geane alle stikken oer him en/of syn wurk. Hy wist sels in tiidlang neat fan dit nûmer.

Doe't er begjin jannewaris 2014 ús te witten die dat er oan 'e ein fan it jier it haadredaksjestokje trochjaan woe, wiene wy wol even fan slach. Mar net lang, al op 'e wei fan dy gearkomste by Cor yn 'e St. Anthony-strjitte nei de nijjierssit by Wouters, moat it idee ûntstien wêze. Neist oare wylde plannen fûnen wy inoar yn it plan om Piter in spesjaalnûmer oan te bieden, as tank foar al syn krewearjen troch de jierren hinne, earst foar *Hjir* en de lêste jierren foar *ensafh*.

It nûmer waard taret bûten Piter om. Mar hoe giet soks, ien en nochris ien makket in fersin yn 'e mailadressen. En Piter krijt in mailtsje dat er net ha moatten hie. Doe ha wy it op 'e gearkomste fan begjin desimber mar sein, dat wy mei nûmer 6 rêde soene. En dat wy der mei-inoar foar ynstiene dat er der bliid mei wêze soe. (dat moat noch bliken dwaan fansels) De tsjinset fan Piter kaam ek noch yn dyselde gearkomste: hy bleau – al stjit er wol guon taken ôf – oan as haadredakteur! No, dêr binne wy allegear allinne mar bliid om. Wy fûnen it lykwols skande om al dy moaie stikken dy't yn 'e tuskentiid ús kant útkommen wiene – fan (âld-)redaksjeleden, freonen, kunde, de soan, we hoegden net ien oan te trunen – dêr't alderhande fasetten fan Piter en syn wurk yn nei foaren komme, werom te stjoeren. En om mei in bekende útfeartûndernimming te sprekken: 'wêrom wachtsje mei wat moais te sizzen, as it hjoed ek kin?' Dat sadwaande leit it Piter-nûmer no dochs foar jim en is Piter noch hieltyd haadredakteur.

Lokkich 2015 tawinske!

Janneke Spoelstra